

Po@dium

Bennie Huisman

2026 - 1

Fermanje

Fermanje (Vermaning) - wurde de tsjerken fan de Doopsgezinden of Mennisten koartwei neamd. It wurd drukt wat in kombinaasje út fan ûnderwize en warskôgje. Vermanings wurde yn stêden wol ris kombinearre mei 'stege', omt dy tsjerken lang skûltsjerken wienen, wat weistoppe tusken oare bebouwing.

Ik hie de Fermanje yn De Rottefalle as plak keazen foar de presintaasje fan 'de wals', myn nije foarstelling. Utsoarte spylje ik graach yn net al te grutte tsjerken. Dêr is faak 'romte foar myn stim'. En dy stim is de reade tried fan de foarstelling. Wat & wêr hat myn stim my brocht? Mar ek benammen: wat hie en wat hat de sjonger te fertellen? Ek 'vermaningen'? As keunstfoarm hat dat in lange tradysje. Mar de foarige ieuw brocht ús lûdsfersterking, radio & telefyzje, de grammofoan en syn opfolgers en it ynternet. Alles waard fersterke, koe eineleas reprodusearre wurde en makke it mooglik dat in jonge sjonger yn Amerika song: 'the times they are a-changin'... en dat dy wurden even letter de wrâld oer gyngen. It sinjaal foar in twadde 'befrijing' nei de oarloch.

Sokke teksten, sokke lieten binne ek faak te hearren yn it teater, meast yn wat we 'kleinkunst' neame. Dêr wurdt geregeld preke, wurdt 'ex cathedra' de les lêzen. As 'de wals' in weromblik is, dan doch ik dêr benammen yn it twadde diel graach oan mei. Ik ha dat ek altyd as in opdracht sjoen, om ek wat te sizzen oer it ûnrjocht yn de wrâld en oer it minslik tekoart. Mar 'vermaning' is ien ding. In goede doomy kombinearret dat ek altyd mei 'trest'. Fertelle dat it hjir in 'tranendal' is, dat witte de measte minsken sels ek wol. >>

skile

as ik praat oer hite bliksem, bedoel ik net in frou dan ha'k it oer wat lekkers út'e tiid fan foar gau-gau; út'e tiid fan tuike, tuike, fan alles mei de hân fan lange dagen wurkje en dan jûns mar kalm oan wat skimerje en tinke oer de dingen fan de dei mei in bakje op 'e skoat even út'e drokte wei
*gjin moaier wurk as skile, ierapel, ringenet
gjin radio dy't spilet, gjin wrâld dy't hottefilet
gjin driuw en gjin ferlet, gjin moaier wurk as skile*

wy binne hjoed sa hastich, wy hawwe it moarn sa drok mei wurk of mei netwerke, ûnmisber foar't gelok en wurdt it wat tefolle, ferlitte wy ús stee om fierwei rêst te sykjen yn'e bergen of oan see, yn 'e tsjerke, yn it kleaster, yn Boeda of yn God mar earlik sein: ik skyl en skimerje leaver wat
gjin moaier wurk as skile, of beantsjes puntsje - of sa de fuotten op in stuoltsje, wat dreamen yn it holtsje leafde der op ta, gjin moaier wurk as skile

mar soms is der gjin romte, dan bin de dagen fuld mei jachtsjen en jagen, mei driuw en ûngeduld mei tefolle op it listje en krappe oere en tiid mei rûzigens en drokte, mei regelje en striid mei gau noch even dit en dan moat it mar sa dan bin ik op't lêst wol even ta
oan skimerje en skile, in apeltsje mei dy do wolst altyd safolle, moast net safolle wolle wolle lit de boel de boel en kom by my wat mimerje en langje, Nei sinne en sudewyn de ierpeltsjes bin gear no, Us mieltsje is klear no stoofparkes, leafde en reade wyn, gjin moaier wurk as...

As foarbyld fan in beskieden 'protestsong', dy't net yn de foarstelling sit, mar wol in miks is fan *vermaning* en *trest*, stiet hjirboppe it liet *skile*. It is skreaun noch foar 't de 'snoadefoan' yn ús libbens kaam. Klik op 'e titel & libje mei.

En ek dat we diel binne fan sawol de oarsaken as fan de gefolgen. It libben is soms ek oarlochsgebiet. Mei grutte tekoarten oan frede en fersoening. Fersoening ek mei josels. Dat kin inkeld fanút beskiedenheid wei en ynsjoch yn de eigen driuwfearen. Hoe grutter de ego's, hoe minder kâns op frede en fersoening. Dêr sjogge wy hjoeddei alle dagen om ús hinne de wrede foarbylden fan.

It wie in moaie middei yn de Fermanje. De resensint yn de Ljouwerter spruts der syn segen oer út. Soks jout ús moed om troch te gean, foarearst mei de nederlânstalige ferzy (of eins: *hybride*).

Fan in soad fan myn lieten bestiet ek in nederlânstalige ferzy. Al frij gau nei myn earste teaterfoarstelling makke ik oersettings - of eins 'wer-dichtings'. Fan it begjin ôf murk ik dat dêrtroch ek de oertekst feroare. Dy romte krige ik omt ik noait 'trochbrutsen' bin. As in liet fan jo de provinsje of de fierdere wrâld oer giet wurdt it yn dy foarm fikseard. Mar dat is by my mar hiel beskieden bard. En gedichten - wat lieten ek binne - bliuwe yn beweging yn de dichter sels.

Yn mysels libje Frysk en Nederlâns fredich neist inoar, ek yn it deistich brûken. Mei guon fan myn bern praat ik Frysk, mei de oaren Nederlâns - alhoewol't se it Frysk ferstean, prate en lêze kinne. It hat te krijen mei de taal dy't ik mei de memmen praat. Ik beskôgje dy folsleine twataligens - én myn beskieden fierdere meartaligens - as in grutte rykdom.

'de wals' is yn de kar fan de lieten meartalich: Frysk en Nederlâns fansels, mar ek Dúts, Jiddysk en sels Italjaans hawwe in beskieden rol. De ferteltaal is ôf Frysk, ôf Nederlâns, mar ek wer net konsekwint. Dit lêste hybride eksperimint fiere we snein 15 febrewaris yn Sânfurd út. (15.00 oere, tsjerke fan Sânfurd)

Wolkom.

the times they are a-changin'

soe Bob Dylan oait ien tel tocht ha
dít lietsje fan my: ik lit it oersetse yn it
Frâns, Dúts, Russys, Sjinees...
de wrâldmerk op..? dy wrâld
kaam nei him ta, adoptearre syn taal
makke taal en lieten diel fan
in nije generaasje, nije roots, frij fan..
ja wêrfan eins?

yn ús achterôfhokje makke ik lietsjes
yn ús eigen achterôfhokjestaal, oer
wêr't ik weikaam en hinne woe, oer
it libben en de leafde en losers, oer
es war einmahl, langst, lichtens en
wat al net, rym en ûnrym
doe sloech ik de taalwjukken út
in earste stap nei och lit ik it mar
earlik sizze nasjonale rom en wier: ik zong
mijn mooiste liedjes in Den Haag
später hab' ich einige meiner Lieder
ins Deutsche übersetzt, manchmal
singe Ich über meine Grenze
first we take the Lemmer, than we take Berlin



'Thirst'- in search of fresh water

Tusken twa 'walsen' yn in reis nei Londen. In famyljebisite, gauris twa kear jiers. It is 'greater Londen': nei de oankomst yn it St. Pancrasstasjon reizgje we noch fierder nei it westen, nei in yn de stêd opnommen doarp oan de Thames.

We meitsje moaie kuiers en stappe op trein en metro's om musea te besjen. De earste is de *Welcome-collection*, in kombinaasje fan bibliotheek en tema-utstallings dy't in relaasje ha mei 'sûnens' - en de minslike ûnderfining dêr mei. Lykas de measte musea hjir fergees tagonklik. De útstalling, mei boppesteande titel, makket op my in djippe yndruk en makket my ek bewust fan de beheinde wize wêrop ik altyd 'wetter' belibbe en der oer skreaun ha. >>

in wûndere wrâld is it wetter
de feart dy't by de huzen lân de wrâld yn streamt
in fisker op 'e wâl dy't de tiid ferdreamt
en by de brêge is altyd wat te sjen
in wûndere wrâld is it wetter foar bern

in wûndere wrâld is it wetter,
de loft is blau it wetter sjongt in liet fan lang ferlyn
mêst en touwurk kreakje yn 'e wyn,
besef fan tiid giet yn it spul ferlern
in wûndere wrâld is it wetter foar bern

In ûnder alles lizzend aktueel probleem is it takomstich tekoart oan drinkwetter. Mar 3% fan alle wetter op ierde is gaadlik as drinkwetter. En ús omgong dêr mei, de tanimmende 'toarst' fan moderne lânbou, ús komfort en de ûntjouwring fan A.i. sille gauwer as we tinke in ein meitsje oan wat foar myn generaasje altyd in fanselssprekkendheid wie: skjin, goedkeap en ta-gonklik drinkwetter.

Foar't we de útstalling yn rinne bestelle we in lunsj. Dêr is daalk in *eye-opener*. It kafé is tydlik omdoopt yn *Wonderwater café*. Op panielen stiet ynformaasje oer hoefolle skjin wetter der nedich west hat foar wat der anst op ús board leit. Dat is de '*waterfootprint*'. (lês hjirneist).

De driging dy't hjirneist wat achteleas út de lêste wurden sprekt wurdt, krijt in iroanyske echo as ik dit stik skriuw. Op de *site* fan it *Welcome* sykje ik nei it *Wonderwater-menu* om soks as it plaatsje hjirneist by dit ferhaal sette te kinnen. Dat menu komt op myn skerm as pdf. Mar as ik it bewurkje wol ferskynt in *pop-up* mei it betelle aanbod: '*Krijg toegang tot meer dan 30 krachtige PDF-tools en de Ai-assistent voor Acrobat*'. Der stiet net by hoefolle wetter sa'n abonnemint kostet. It wetterferbrûk fan Ai - foar it kuoljen fan data-center en foar de elektrisiteit dy't nedich is, wurdt no skatten op mear as 500 miljard liter. Potinsjeel drinkwetter. En we binne noch mar krekt ûnderweis mei Ai.


En ek ús treflike lunsj, dêr't de kok foar besocht hat om dêrby nei de leechste wetterfuotprint te stribjen, troch te sjen hokker yngrediënten noch ferfongen wurde kinne troch 'sûniger' alternativen, hat al it ekwivalint fan 10 oant 12 dûsbeurten brûkt, foar't it op ús boerd lei.

Wetter hat foar my altyd in soad betsjut. In kearnbetsjutting - it skjinne drinkwetter dat ik nedich ha om yn libben te bliuwen, dat hat der foar my en myn generaasje altyd sa fanselssprekkend west, dat we der amper by stilstien ha, hoe útsonderlik dat eins wie - en is. >>

De watervoetafdruk is een hulpmiddel om onze waterconsumptie te begrijpen. De watervoetafdruk van een land is de hoeveelheid water die we direct en indirect consumeren om het voedsel, de goederen en diensten die we gebruiken te produceren, inclusief die geïmporteerd worden uit het buitenland.

We gebruiken thuis grote hoeveelheden water voor wassen, koken en drinken, maar veel meer water wordt gebruikt om voedsel, papier, katoen, energie, elektronica en bijna elk ander product dat we consumeren, te produceren.

Digitale diensten zoals gegevensopslag en AI zijn daar ook een steeds groter onderdeel van.



'Thirst' hat 5 tema 's:

1. aridity

- * droechte
- * toarens, woastinen ensfh..

2. rain

3. glaciers

- * rein & gletchers, betsjut ek:
- * oerstreamings

4. surface water

- * oerflakte wetter, fersmoarging

5. groundwater

- * grûnwetter, irrigaasje, tekoarten

Want dy fanselsprekkendheid stiet tanimmend ûnder druk. Ek hjir, yn ús betreklik feilige Nederlân en Europa.

Neist dizze essinsjele deistige betsjutting fan wetter, libbe ik yn in 'wetter-ryk' stikje fan de wrâld, dêr't wetter ek beskiedend wie foar de ynrjochting fan it lân, foar it ferfier, foar it boerekarakter, foar de fiskerij. Ik wenne oan it wetter, ha in skoft op it wetter wenne en hie faak in boat. It wetter spruts ta de ferbylding, it makke diel út fan de famyljeskiednis.

Ik ha oer it wetter songen, ferhalen ferteld, poëzij skreaun. It wetter wie in boarterstún doe't ik bern wie en is yn my fielt dat soms noch sa. Mar alle oare aspekten, dy't dizze útstalling ynsichtlik makket, bleaunen faak ûnsichtber achter de hege diken dy't ús lân en ús wolfeart yn myn tiid fan libjen feilich holden. It wurdt tiid om fierder te sjen. In goed foarnimmen foar dit nije jier en ik sil dêr ek yn Po@dium ferslach fan dwaan. (wurdt fuortset)



Rowan McCabe

Door-to-door-poet

Foarich jier knipte ik yn Londen in artikel út The Guardian, dat my by it lêzen net sasear bewust makke fan ús grutte minslieke útdagings, mar wol ta myn ferbylding spruts. It wie in ferhaal fan de dichter Rowan McCabe, dat as titel hie: *'Why I went door to door writing poems'*. Hy beskriuwt hoe't er it idee krige om 'lâns de doarren' te gean - benammen yn saneamde 'achterstânswiken', dêr samar oan te beljen en de bewenner oan te bieden in gedicht te skriuwen oer in onderwerp dat se sels oandroegen, wat dan ek. Hy hat it yn praktyk brocht en oer syn aventoeren en moetingen in boek skreaun. It artikel wie in ynlieding by dat boek.

Doe't ik it foarich jier lies rekke it my op twa wizen. Ik fielde in soarte fan ferwantskip mei myn 'op strjitte sjonge'. Ek dêr spylje en sjong ik net foar in amorf publyk, ek al liket dat wol sa, mar kies ik faak minsken út dy't ik rinnen sjoch en besykje harren mei stim, wurden en muzyk 'oan te sprekken'. Soms slagget dat, jouwe se harren del op in bankje om te harkjen. Mar wat Rowan McCabe die is noch in stap fierder. Ik soe dat mei lieten ek dwaan kinne. Skriuwe wurdt dan in soarte fan ambacht. Ik soe in tsiental wizen kieze kinne, dy't struktuer jouwe oan de liettekst. Mar yn de kontekst fan myn foarbyld giet der wat oan foarôf: it kontakt lizze yn de pear tellen stilte, nei't immen de doar iepen docht. Ik tink, dat ik dêr net in grut talint foar ha. McCabe neamt himsels ek mei Britse iroanyske selsspot: in 'profesjeniele praatsjesmakker'.

Yn it artikel stelt er himsels - en ús - ek nijsgjirrige fragen. Dy't my myn hiele sjongerslibben al dwaande hâlde. Dêrom is [hjir](#) in oersetting fan syn artikel te lêzen.

Ik wol der dit jier yn Po@dium fierder oer skriuwe. Mooglik ek oer *myn* aventoeren.

berte

yn in simmerhûs oan see
waard ik siedde, seach ik ljocht
lûden bloeiden
fanselsprekkend libben

see, waarm en fertroud
hie my ôfset op dizze kust
mei wyn fan mannich
minsklik misferstân

ûnwittend taastend
foarby memmeliif
liet ik myn wêzen
hingje nei al wat song
stimmen nêstelen, wyn
beam rein beam wyn
ivich it neirûzjen fan see

yn in simmerhûs oan see
waard ik berne
waarme krúk yn 'e búk
ôfkuolle
sykje ik erflik reinige riten

'Po@dium' is in Persoanlik Digitaal Magazine dit is de 1e ôflevering fan 2026

Alle ôfleveringen fan 2025 binne te finen op myn website

Réaksjes binne altyd wolkom: huisman.bennie@gmail.com

Wa't op 'e ferstjoerlist wol cq op it tastjoeren gjin priis stelt: lit it witte.

www.benniehuisman.nl / huisman.bennie@gmail.com